

Goeie abbekaten en minne

F20 21-6-'8

Roman

troch **Jaap Krol**

Jurist Sybren is universitêr dosint oan de rjochtefakulteit yn Grins. Syn baan is sa saai dat er beslút om foar buro Genesis Abbekatekantoar te wurkjen. De direkteuren fan it maatskip hawwe in dúdlike miening oer harren fak. It bestiet út klanten bine, dossiers lêze, in fêste relaasje, in wenning tichteby it kantoar yn Ljouwert en nevenwurk mei in heech netwurk-gehalte. Dit alles hat mar ien doel: safolle mooglik jild binnen helje.

Brouwer moat syn hiele libben yn rjochtsje nei de easken fan syn nije baan. Dat falt ynearsten net ta. Syn relaasje komt bygelyks swier ûnder druk te stean - ek om't syn freondinne earder te krijen hân hat mei ien fan de meiwurksters fan Genesis. Mar dan docht ek noch bliken dat Brouwer faak hielendal neat te dwaan hat. Syn wurk bestiet foar in grut part út prate, buorrelje, smoke en mei froulju omslaan. Dit fet fan ferfeling, represintativiteit en baarnende privee-kwestjes bringt him yn konflikt mei Cornee, ien fan de ambisjeuze

bazen. Brouwer liket sa slachtoffer te wurden fan syn eigen ambysjes.

Ik haw in dûbele relaasje mei dit boek. Skriuwer Sjieuwe Borger kin in ûnderhâldend ferhaal fertelle. Syn personaazjes binne net saai of pseudo-djipsinnige tinkers. Se lykje by de dei te libjen, nimme it derfan en binne net benaud foar inoar. Dat jout it ferhaal

Brouwers wurk bestiet út prate, buorrelje, smoke en mei froulju omslaan

in moai tempo. Foaral kollega Erik is in rêstpunt yn dy hektyske wrâld, de skriuwer hat mei him syn bêste personaazje makke.

Dochs is de abbekatepratyk fierders in ûnsichtber ramtwurk. Borger hat oare middels nedich om syn ferhaal oannimlik te meitsjen en it syn

hege tempo te jaan. It gefolch is dat it ferhaal fan hieltyd ûnfoarsisbere wendings foarsjoen wurdt.

Genesis Abbekatekantoar hat it karakter fan in soap. Soappersonaazjes binne dus net saai of pseudo-djipsinnige tinkers. Se lykje by de dei te libjen en binne net benaud foar inoar. Mar Borger mei wol wat mear weagje om syn ferhaal fan djippte en gefoel te foarsjen. Foar it prima tempo fan it ferhaal wol ik Borger in plom jaan, mar as ik Brouwer wer tsjinkom, wol ik him better kennen leare.

Ik jou gjin plom as it giet om it tal flaters: 'Mei Erik. Ik moast wat regelje yn 'e stêd, sil ik by dy delkomme.' (s. 51). 'Wolst no earst de ôfdieling stêdsûntwikkeling foar my belje.' (side 74) Dat binne mar twa foarbylden fan flaters (it ûntbrekken fan de fraachtekens), sa't dy stean yn in subsidiearre boek. Unbegryplik.

i Genesis Abbekatekantoar. Sjieuwe Borger.

